

UT DE

SMIDTE

- 58ste jiergong
- nûmer 1
- simmer 2024

→ FA-ria 02/25

→ Utjeften 06

→ Personalia 10/25



→ Projekten 14

→ Wurkferbannen 18

→ Weromsjen 20

Komme jo
ek op ús
feestlike
Akademy-
dei?

→ Freed
13 septimber



Fan de direkteur-bestjoerder

Dat dit jier ús 85-jierrich jubileum plakfynt, sil nimmen ûntgien wêze. Ek ûnder de nijjersresepsje wêrmei we begjin jannewaris it jier iepene ha, hat waarnimmend direkteur-bestjoerder Marit Bijlsma dit bysûndere gegeven neamd. De ôfrûne tiid binne kollega's drok west mei aktiviteiten yn it ramt hjirfan, bygelyks mei in pear kolleezjefilmpkes dy makke binne nei oanlieding fan fragen út de mienskip wei. Op 13 septimber wolle we dit bysûndere jier op bysûndere wize mei jo en alle oanbelangjenden by de Akademy ôfslute. Dêrom organisearje wy in feestlike Akademydei yn ús eigen Akademytún. We hoopje jo dêr ûntfange te meien.

Neist it altiten trochrinnende ûndersyk dat ús kearnwurksumheden behellet, ha in oantal saken dit healjier de oandacht hân, dy't mei dat kearnwurk te krijen ha. Op it momint dat dizze Ut de Smidte ferskynt, hat in eksterne wittenskiplike fisitaasjekommisje har bûge oer ús wurk yn de perioade 2020-2023 en oer de effektiviteit fan ús strategy lykas fêstlein yn it beliedsplan. As tarieding dêrfoar hat in ynterne komisje mei gâns enerzjy oan 'e slach west mei de selsevaluaasje. Dit hat ús in protte ynsicht jûn yn wêr't we steane mei de organisaasje en wat we de ôfrûne jierren dien ha. En dat is in hiel soad.

Wurdearring foar ús wurk as Akademy lêze wy ek yn it KNAW-rapport oer de takomst fan de Frisistyk. It rapport, dat yn jannewaris ferskynd is, jout in analyse fan de steat fan de Frisistyk en de rollen dy't alle oanbelangjenden der yn ha. No, mar ek rjochting de takomst. De rol dy't de Fryske Akademy dêryn jûn wurdt, pakke we graach fierder op.

Dat we dit wurk yn dizze foarm trochsette kinne, is - mei tank oan OCW en de provinsje Fryslân - no ek fêstlein yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Yn de BFTK is de sleutelposysje fan de Akademy en har gearwurkingspartners dan ek op 'e nij boarge. Hjirmei kin wy mei de oare partijen fierder wurkje oan it duorsum fuortsterkjen fan de Frisistyk en it fûnemintele en tapaste wittenskiplike ûndersyk nei de brede Fryske kasus.

Om't wy ferline jier in wiidweidich ûndersyk dwaan litten hiene nei de mooglikheden om ús efterban op in nije wize te belûken by de organisaasje is der dizze maaitiid ynset op in fakatuere foar ien dy't dit foarmjaan sil, ûnder de namme fan Citizen Science. Wy binne bliid dat wy jim meidiele kinne dat wy in nije

Lês fierder →

Ynhald

Fan de direkteur-bestjoerder	01
Nije kollega Citizen Science en kennisbenutting	02
Rapport: De toekomst van de frisistiek	03
Seis Mercatorprojekten as foarbyld opnommen yn EU-rapport	04
Nije ôfspraken foar fuortsterkjen Fryske taal en kultuer	05
Us Wurk no ek fuortsetting fan It Beaken	06
Trije Regionale Dossiers bywurke	06
Friulysk yn it ûnderwiis yn Itaalje: it Mercator Regionale Dossier yn de skynljochten	07
Meslânzer Woardeboek sjocht it ljocht	08
Paperback-edysjes	08
Boek 'Elke provincie een eigen Gouden Eeuw' wol fokus ferlizze	09
Gastûndersiker Anna Becker komt graach nochris werom	10
Fenna Bergsma promovearre oan Johann Wolfgang Goethe-Universität (DE)	11
Yn 'e kunde komme mei Suzanne Dekker	12
Nij Frysk ûndersyk nei taaloerdracht binnen jonge húshâldings	14
Suksesfolle Kick-Off Read with Multilingual Early Education projekt	15
Jurisprudentia Frisca goed op gong	16
Skiednis fan de Fryske Waadfeart op nij ûndersocht	17
Archeology-nijs	18
Archeology is en bliuwt in passy	18
Posthumus-Konferinsje yn Ljouwert	22
Lyts en grut Frysk diktee	23
Tusken kust en kitsch	24
KNAW ECP-beurs	24
Eksterne Fisitaasjekommisje beoardielet Fryske Akademy	25
Meiwurkers	25
Fryske skiednis as ynspiraasje foar Kanadeeske fantasyroman	26
Eksperimint oer ûnderbewuste foaroadielen	26
Aginda	27
Winterskoft mei Akademylêzingen	27
Akademydei 2024 Utnûging	28

kollega oansteld hawwe, dy't de fokus lizze sil op de gearwurking fan ús ynterne en eksterne relaasjes mei de wurkorganisaasje. Wy besjogge noch hoe't wy dat fierder it bêste ynfolje kinne. De nije kollega sil nei ferwachting yn de rin fan augustus begjinne.

Yn april waard op 'e nij it Grut Frysk Diktee holden, organisearre yn 'e mande mei ûnder oaren Omrop Fryslân. In team fan 25 korrektoren mei dêrby wol tsien Akademykollega's hat de diktees neisjoen. Us kollega's Fenna Bergsma en Suzanne Dekker binne promovearre. We hawwe besite hân fan ferskate ynternasjonale groepen. We hawwe moaie nije publikaasjes útbrocht. Koartsein, der is noch folle mear nijs, en dat lêze jo yn dizze Ut de Smidte. Wolle jo tuskentiids ek op 'e hichte bliuwe fan ús lêste nijs, sjoch dan ris nei de digitale nijsbrieven fan de Fryske Akademy en Mercator. Op dit plak wol ik as direkteur-bestjoerder myn wurdearing útsprekke foar de fantastyske rol dy't de waarnimmend direkteur-bestjoerder ein ferline jier spile hat. Derneist wol ik de wurdearing útsprekke foar alle meiwurkers, want mei inoar soargje we derfoar dat we as organisaasje sokke moaie resultaten berikke.

Ik winskje jimme in soad lêsnocht ta. □



FA-ria

Nije kollega Citizen Science en kennisbenutting

De Fryske Akademy krijt in nije kollega, dy't yn augustus 2024 de funksje fan meiwurker Citizen Science en kennisbenutting ferfolje sil. De funksje sil har rjochtsje op de wurkmienskip en de mienskip sels.

Dizze nije posysje past binnen it nije beliedsplan fan de Akademy, dat in mear yntegrale oanpak fan har wurkmienskip foarstiet. De Fryske Akademy, oprjochte yn 1938, hat altyd as missy hân om in wurkmienskip te ûnderhâlden dy't him taleit op it beoefenjen fan de wittenskip yn ferbân mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer yn de breedste sin. Troch dizze nije funksje wol de Akademy net allinnich de besteande wurkmienskip

fersterkje, mar ek de bannen mei de bredere mienskip oanhelje troch middel fan citizen science. Citizen science, of boargerkunde, biedt in platfoarm wêrby't net-profesjonele ûndersikers aktyf dielnimme kinne oan wittenskiplik ûndersyk. Dit jout de mienskip de kâns om belutsen te wêzen by wittenskiplik ûndersyk en draacht by oan it fersterkjen fan de ferbining tusken wittenskip en mienskip. □

Rapport: De toekomst van de frisistiek

As it wittenskiplik ûnderwiis en ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer (de frisistyk) in takomst hawwe dan moat it Ryk duorsum ynvestearje yn op syn minst ien selsstannige bacheloroplieding mei de stêf dy't dêrfoar nedich is, mei dêrûnder in foltiidsk heechlearaar Frysk. Dizze wittenskippers moatte tiid hawwe om ûnderwiis te jaan en ûndersyk te dwaan. Dêrneist moat in Ried foar de Frisistyk tafersjoch hâlde op fuortsterkjen fan it oparbeidzjen op it mêd fan ûnderwiis en ûndersyk. Dat binne de wichtichste oanbefellings út it rapport *De toekomst fan de frisistiek fan de KNAW*, presintearre op 11 jannewaris 2024.

Marit Bijlsma, koördinator ûndersyksfinansiering en strategyske gearwurking en op dat stuit ek waarnimmend direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy, reagearret: "Wy binne der tige wiis mei, dat der in kommisje gear west hat oer de takomst fan de frisistyk. Dermei wurdt sjen litten, dat it regear de Fryske taal en kultuer serieuus nimt en begrypt dat der in dúdlike ynspanningsferplichting leit fan it Ryk om de frisistyk te fersterkjen".

Gjin reservaat

De nije bachelor moat duorsum finansiêre wurde troch it Ryk en gjin 'reservaat' wurde: it moat ek foar studinten fan oare opliedingen mooglik wêze om fakken binnen de bachelor te folgjen. It ûnderwiis kin dêr't it mooglik is ferrike wurde út de Fryske Akademy wei, fan de bysûndere learstuollen út oan de Universiteit Utrecht en de Universiteit van Amsterdam, en fia gearwurking mei hegeskoalle NHL Stenden. It Frysk moat ek in plak krije yn oanslutende masterprogramma's.

Ried foar de Frisistyk

It oparbeidzjen tusken de universiteiten, Fryske Akademy en NHL Stenden op it mêd fan it frisistysk ûnderwiis en ûndersyk kin better. De kommisje pleitet dan ek foar in net-frijbliwend oerlisorgaan, in Ried foar de Frisistyk, wêryn't (foarearst) frisisten fan de Rijksuniversiteit Groningen, de Fryske Akademy, NHL Stenden en de learstoelhâlders oan de Universiteit van Amsterdam en Universiteit Utrecht fertsjintwurdige binne. De KNAW hat ek noed oangeande it fûnemintele ûndersyk, dat oan de universiteiten hast ferwûn is en by de Fryske Akademy ûnder druk stiet. De kommisje pleitet der foar dat finansiers fan de Fryske Akademy yn alle gefallen soargje foar stabiliteit en sa mooglik fersterking.

Oer it rapport

It rapport is makke troch in kommisje fan KNAW ûnder lieding fan filosoof en wittenskiplikhistoarikus Keimpe Algra (Universiteit Utrecht). It is in ferfolch op in earder KNAW-advys Nederlands verdient meer (KNAW, 2019) oer de posysje fan de nearlandistyk. □



→ [Link nei it rapport](#)



Seis Mercatorprojekten as foarbyld opnommen yn EU-rapport

De Europeeske Uny wol yn ferskaat feriene wêze. It ferdigjen, befoarderjen en wurdearjen fan taalferskaat spilet in fûnemintele rol yn dat stribjen. It resint publisearre oersjochsrapport 'Linguistic diversity in the European Union: Examples of projects supporting regional and minority languages' toant in tal projekten dy't finansiere wurde yn it ramt fan Erasmus+ en Creative Europe.

Dizze list mei likernôch 60 projekten is wis net útputtend: allinnich al Creative Europe stipet gemiddeld mear as 400 oersettingen yn it jier, fan en nei mear as 40 regionale en minderheidstalen. It Mercator Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, is dan ek bysûnder grutsk dat mar leafst 6 projekten dêr't Mercator by behelle is as koördinator of projektpartner, as foarbyld neamd wurde yn it rapport.

Dy projekten binne:

→ Virtual Language App (VirtuLApp)

Partners: ATIT Audiovisual Technologies, Informatics and Telecommunications (BE), Luca School of Arts (BE), Trinity College Dublin (IE), Universidad del Pais Vasco/ Euskal Herriko Unibertsitatea (ES).

→ Ownership and Leadership: Pathways for (Endangered) Languages' Use in School (OWL+)

Partners: Interdisciplinary Centre for Social and Language Documentation (PT), Nord University (NO), Rēzekne Academy of Technologies (LV), Tallinn University (EE).

→ WikiWomen

Partners: Afûk (NL), Learning Hub Friesland (NL), Wikimedia Ireland (IE), Coláiste Oiriall (IE), Euskal Wikilarien Kultura (ES), Antigua-Luberri institute/ Gobierno Vasco (ES).

→ European Network for Junior Researchers in the Field of Plurilingualism and Education (ENROPE)

Partners: Goethe-Universität Frankfurt (DE), Humboldt-Universität zu Berlin, (DE), İstanbul Üniversitesi-Cerrahpaşa (TR), Tallinna Ülikool (EE), University of Exeter (UK), Universitat Ramon Llull Barcelona (ES), Universität Siegen (DE), Université Sorbonne Nouvelle Paris 3 (FR).


→ **COMBI (Communication** competences for migrants and disadvantaged background learners in bilingual work environments)

Partners: Elhuyar-Zubize (ES), Banaiz Bagara elkarte (ES), Axxell Utbildning AB (FI), Swansea University (UK), Centro per lo Sviluppo Creativo "Danilo Dolci" (IT).

→ Lingotell

Partners: Pro Progressione (HU), Sijti Jarngje (NO)

It doel fan it rapport is om in tal foarbylden fan kreative en ynnovative projekten te jaan, de belangstelling foar it ûnderwerp meartaligens te wekken en ferskate wizen te presintearjen om it oan te pakken. It oersjoch is dan ek bedoeld om learkrêften, maatskiplike organisaasjes, kulturele en kreative aktiviteiten, projektoanfreagers en beliedsmakkers yn hiel Europa te ynspirearjen om harren profesjonele praktyk te ûntwikkeljen. Neist de seis projekten dêr't Mercator by behelle is, wurdt ek noch it LISTEN-projekt neamd fan ús Fryske partner Afûk.



It rapport is fergees del te laden:

European Commission, Directorate-General for Education, Youth, Sport and Culture, Linguistic diversity in the European Union – Examples of projects supporting regional and minority languages – Compilation of projects co-funded by the Erasmus+ Programme and Creative Europe, Publications Office of the European Union, 2024

→ [Link nei it rapport](#)



Nije ôfspraken foar fuortsterkjen Fryske taal en kultuer

De kommende fiif jier ynvestearje it Ryk en de provinsje Fryslân folop yn de Fryske taal. De ôfspraken binne fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) dy't moandei 8 april ûndertekene is troch minister Hugo de Jonge fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en Kommissaris fan de Kening yn Fryslân Arno Brok. It Ryk stelt mei-inoar 18 miljoen euro beskikber om de ôfspraken út te fieren.

Yn dizze BFTK lizze Ryk en provinsje Fryslân fêst hoe't sy yn de perioade 2024-2028 wurkje oan de beskerming en befoarderding fan de Fryske taal en kultuer. Dêrby krijt ûnder oare it Fryske ûnderwiis in ympuls. Ek stelt it Ryk jild beskikber foar it oanstellen fan meartalichheidskoördinatoaren by Fryske gemeenten. Minister Hugo de Jonge: "Taal is oeral, iedere dag. En dan is het fijn als dat de taal is die het dichtst bij je staat, in welke regio je ook woont. Want taal is onlosmakelijk verbonden met wie je bent. Voor veel Friezen is dat het Fries. Daarom is het belangrijk dat we het gebruik van deze taal beschermen en versterken. Met deze nieuwe Bestjoersôfspraak leggen we de lat hiervoor flink hoger."

Fiif prioriteiten

It Ryk en de provinsje meitsje al langer sokke bestjoersôfspraken. Dat is fêstlein yn de Wet gebrûk Fryske taal, dêr't yn stiet dat sy tegearre de soarchplicht hawwe foar de Fryske taal en kultuer. Binnen de nije ôfspraken foar de perioade 2024-2028 binne fiif prioriteiten oanwiisd: sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte, digitalisearring fan it Frysk, Frysk yn it ûnderwiis en ûndersyk, taaloerdracht tusken generaasjes en desintral taalbelied.

Deputearre Eke Folkerts: "Frysk is de taal fan it hert fan in hiel soad Friezen. Mei de ôfspraken dy't wy no mei it Ryk makke hawwe, kinne wy it brûken fan it Frysk fierder fersterkje. It Frysk fertsjinnet oeral in lykwaardich plak. Net allinnich thús, op skoalle of yn kontakt mei oerheidsynstânsjes, mar ek yn de online wrâld en yn alle foarmen fan kultuer. Tink oan bygelyks iepenloftspullen, muzyk en literatuer, likegoed as films, boektoks en podcasts. Ik sjoch út nei de earste Frysktalige krimy op nasjonale telefyzje of by in ynternasjonale streamingstsjinst."



De ûndertekening fan de BFTK troch Kommissaris fan de Kening Brok en minister De Jonge fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes. Yn it midden deputearre Eke Folkerts.

Wittenskiplik ûnderwiis en ûndersyk

Wittenskiplik ûnderwiis en ûndersyk is essinsjeel foar in fitale Fryske taal en kultuer. De Fryske Akademy fersoarget en finansiert in part fan learstuollen oan de Universiteit Utrecht en de Universiteit van Amsterdam. Konfoarm it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden hat it Ryk de befoarderding fan stúdzje en ûndersyk fan it Frysk oan universiteiten en lykwaardige ynstellings as taak. Op grûn fan dy rol is it Ryk meifinansier fan de Fryske Akademy. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartalichheid en Taallearen fan de Fryske Akademy

sil yn de praktyk stal jaan oan mear ferbining tusken wittenskiplik ûndersyk, de beliedsûntwikkeling en dy fan taalfitaliteit fan it Frysk.



→ [Link nei de gearfetting en folsleine tekst fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.](#)



Us Wurk no ek fuortsetting fan It Beaken

It Beaken, tydskrift fan de Fryske Akademy, is sûnt 2019 net mear ferskynd. Dat wol net sizze dat it Akademy-tydskrift in stille dea stoarn is, want mei yngong fan dit jier is Us Wurk, tydskrift foar frisistyk, tagelyk ek de fuortsetting fan It Beaken. Dat is fêstlein yn in gearwurkingsoerienkomst dy't op 30 jannewaris tekene is troch prof. dr. R.H. Bremmer (Stifting Freonen Frysk Ynstitút), prof. dr. A.P. Versloot (Iearstoel Fryske Taal en Kultuer Ryksuniversiteit Grins) en drs. Marit Bijlsma (Fryske Akademy).

De trije partijen neame dêryn as útgongspunt dat Us Wurk as wittenskiplik tydskrift op it mêd fan de frisistyk fan grut belang is foar de Fryske kennisynfrastruktuer en dat se dêrom oerienkommen binne om mei-inoar ferantwurdiging te dragen foar it ynstânhâlden fan Us Wurk as wittenskiplik tydskrift. Us Wurk ferskynt twaris jiers en wurdt troch de Universiteits-



bibliotheek fan de Ryksuniversiteit Grins fia open access beskikber steld.



→ [Link nei de digitale edysje fan Us Wurk](#)




Trije Regionale Dossiers bywurke

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, docht ûndersyk nei ûnderwiissystemen yn Europeeske regio's mei in autochtoane minderheidstaal en nei hoe't dizze minderheidstaal in plak krijt binnen dy systemen.

Mercator hat trije dossiers bywurke.

- The German language in education in France (Alsace)
- The Hungarian language in education in Slovenia
- The Maltese language in education in Malta

De wichtichste punten út de dossiers, de gearfettingen en de komplette dossiers kinne jo fine op de dossier-webside. 

- De wichtichste punten út oare Regionale Dossiers set it team alle moannen op sosjale media, te finen mei #RegionalDossierHighlights of #MercatorRegionalDossiers.
- www.mercator-research.eu/regional-dossiers



Friulysk yn it ûnderwiis yn Itaalje: it Mercator Regionale Dossier yn de skynljochten

Fan 11–13 april 2024 presintearre Charlie Robinson-Jones, ûndersiker by it Mercator Europeesk Kennisintrum / Fryske Akademy, de twadde edysje fan it Regionale Dossier *The Friulian language in education in Italy* op trije eveneminten yn de autonome regio Friuli Venezia Giulia.

Dy eveneminten wiene bedoeld om de diskusje te iepenjen oer de takomst fan de Friulyske taal op skoalle en de útwikseling fan kennis en ûnderfinings út Fryslân en Friuli te stimulearjen:

11 april, Universiteit fan Udine: dit wie in akademyske konferinsje, bywene troch heechleararen, learkrêften yn oplieding en oare ynteressearren.

12 april, Palazzo Belgrado, Udine: dit evenemint waard bywene troch fertsjintwurdigers fan ferskate ynstellings en ynwenners fan Friuli.

13 april, "Don Gilberto Pressacco" Biblioteek yn Codroipo: it Regionale Dossier waard presintearre op de XI Dei fan de Friulyske Skoalle, in jierliks evenemint rjochte op learkrêften en oare belanghawwenden yn it ûnderwiis.

De trije evenemintedagen wiene organisearre troch de Friulyske Filologyske Feriening (Societât Filologjiche Furlane – SFF) en har Docuscuele, it Regionale Agintskip foar de Friulyske taal (Agjenzie Regjonâl pe Lenghe Furlane – ARLeF), de Feriening fan de Friulyske taalmienskip (Assemblee de Comunitât Linguistiche Furlane – ACLIF), de Universiteit fan Udine, de Regionale Ried fan Friuli Venezia Giulia en oare foaroansteande ynstellings dy 't har dwaande hâlde mei de promoasje en oerdracht fan de Friulyske taal.

Federico Vicario, foarsitter fan it SFF, reagearre: "We meitsje der gjin geheim fan dat der in soad noed is oer it Friulysk op skoalle, en dat ferskate skoallen muoite hawwe om it oan har learlingen te bieden. Mei dizze twadde edysje fan it Mercator Regionale Dossier oer de Friulyske taal wolle wy de diskusje oer dizze sintrale kwestje foar de oerdracht fan it Friulysk op 'e nij iepenje."



F.l.n.r.: Charlie Robinson-Jones, Ada Bier, Antonella Ottogalli, Gabriele Zanello.

De twadde edysje fan it Regionale Dossier is skreaun troch Ada Bier (Universiteit fan Baskelân – UPV/EHU), Gabriele Zanello (Universiteit fan Udine) en Antonella Ottogalli (SFF). Yn gearwurking mei it SFF hat it Mercator Europeesk Kennisintrum ek folsleine Friulyske en Italiaanske oersettings fan dizze Regionale Dossier publisearre. Dy binne te finen op de webside fan de Regionale Dossiers, mei de Ingelsktalige ferzje en gearfetting yn trije talen (Ingelsk, Friulysk en Italiaansk). □

→ [Link nei de dossiers](#)



→ De wichtichste punten út alle Regionale Dossiers set it redaksjetim alle moannen op sosjale media, te finen mei **#RegionalDossier** **Highlights of #Mercator RegionalDossiers.**


Meslânzer Woardeboek sjocht it ljocht

Neidat der jierren oan wurke is, wie it safier dat der in wurdboek fan it dialekt fan Midslân op Skylge presintearre waard.

Skylge is dialektologysk in apart gefal. West-Skylge en de eastlike doarpen binne fanâlds Frysktalich, al is dat dan ek in Frysk dat flink fan dat op 'e fêstelân ôfwykt. Boppedat ferskille it Westers en it Aasters ek noch wer faninoar. Dêrtuskenyn wurdt der yn Midslân en byhearrende doarpen en buorskippen in taal praat dy't heart by de Nederlânsk-Fryske mingdialekten lykas it Stedsfrysk, it Bilts en it Amelânsk. Binnen dat gehiel hat it Meslânzers in eigen karakter. Sa wurde de begjinlûden g- en sk- op syn Nederlânsk útsprutsen, oars lykop mei de útspraak yn it Westers en Aasters. Bysûnder is ek dat de saneamde einûntstimming faak mist. Sa wurdt it wurd 'brief' as briiv yndied mei in v-lûd útsprutsen.

Eigen wurden

Fierders hat it Meslânzers in grut tal hiel eigen wurden. Dy binne yn it wurdboekpart fan sa'n 150 siden byinoar brocht.



Se binne troch in yndeks ek oer it Nederlânsk op it spoar te kommen. It boek, dat mei-inoar 286 siden telt, hat njonken in ynlieding ek in oersjoch fan útspraak en

grammatika.

Oan it wurdboek is sûnt 2008 wurke troch Triny Martens, Gettje Pals, Nel Swart en Piet Smit, mei de stipe fan in klankboerdploech fan dialektspreekers. In fiif jier lyn krigen se ek de help fan de doe krekt

pensjonearre taalkundige/leksikograaf Siebren Dyk. De âld-meiwurker - en hjoeddeisk gastûndersiker - fan 'e Fryske Akademy soarge dat de oarspronklike wurdlisten yn in wurdboek formaat oerbrocht waarden, en hy rette ek mei it grammatikale part. □

→ *It Meslânzer Woardeboek wurdt útjûn troch de Afûk, as nûmer 1142 fan 'e Fryske Akademy en as diel 14 yn 'e Rige Fryske Dialektstúdzjes. De priis is €29,90. ISBN: 978-94-93318-25-0.*

Akademy- publikaasjes kinne jo keapje fia

www.afuk.nl



Paperback-edysjes

Fan de twa ynternasjonale bondels dy't Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm mei John Hines makke hat by Boydell & Brewer, binne fanwege de grutte belangstelling no paperback-edysjes makke. It giet om Frisians of the Early Middle Ages en Frisians and their North Sea Neighbours: From the Fifth Century to the Viking Age.

Dit makket de bondels tagonklik foar in legere priis, in wichtige ûntjouwing dy't de Akademy bot stipet. De Akademy set sels ek yn op lepen Access troch in stypjend belied hjirop en tawiisde fûnsen om dit sa folle as mooglik mooglik te meitsjen. □

→ [Frisians of the Early Middle Ages](#)



→ [Frisians and their North Sea Neighbours](#)



Boek 'Elke provincie een eigen Gouden Eeuw' wol fokus ferlizze

De Gouden Iuw, neffens in soad minsken de romrofte perioade yn de Nederlânske skiednis, ropt hjoed-de-dei ek wjerstân op. Guon pleitsje der dêrom foar om it begryp ôf te skaffen. It resint ferskynde boek *Elke provincie een eigen Gouden Eeuw* fan Louis Sicking (red.) beëaget it op it gewest Hollân taspitste debat iepen te brekken troch it predikaat 'Gouden Iuw', mei syn kearsiden, krekt oan alle provinsjes fan Nederlân ta te kennen. Tolve auteurs, ûnder wa dr. Han Nijdam en dr. Alex Kerkhof fan de Fryske Akademy, nimme elk in provinsje ûnder de loep en stelle in aspekt fan har skiednis sintraal dêr't it belang fan boppe de eigen regio útgiet.

It haadstik fan dr. Han Nijdam yn dit boek hat de titel krigen 'De Gouden Eeuw van het Friese koninkrijk (7de - 8ste eeuw)'. Alex Kerkhof skreau in haadstik oer Limboarch, 'De Gouden Eeuw van het Nederlands (12de-13de eeuw)'.

'Bêste nije boeken'

Elke provincie een eigen Gouden Eeuw is útbrocht troch Uitgeverij Prometheus en koe oant no ta rekkenje op in goede ûntfangst. By NRC stie it boek sels inkelde wiken yn de list mei 'bêste nije boeken'.

Bart Funnekotter (NRC, 11-04-2024):

"In zijn voorwoord schrijft Sicking dat het niet de bedoeling is met deze bundel een alternatieve nationale geschiedenis van Nederland te presenteren, een nieuwe canon. Immers, 'andere Gouden Eeuwen zijn denkbaar'. Het was de auteurs vooral te doen om een paradigmaverschuiving: focus op andere gebieden dan Holland én de interactie en verbindingen met de rest van het land, het continent en de wereld. Dat is goed gelukt. Wat dat betreft is Elke provincie een eigen Gouden Eeuw ook een programma: zo kan de Nederlandse geschiedschrijving er in de 21ste eeuw uitzien." □



→ Louis Sicking (red.), 2024. *Elke provincie een eigen Gouden Eeuw*. De bloeiperiodes van Nederland, 7de-21ste eeuw. Prometheus, € 25,- ISBN 9789044653069.

Besjoch ek ris ús thússide

www.fryske-akademy.nl



Gastûndersiker Anna Becker komt graach nochris werom

It Mercator Kennisintrum en de Fryske Akademy sette graach de doarren iepen foar wittenskippers út binnen- en bûtenlân om by ús op kantoar ûndersyk te dwaan en kennis te meitsjen mei alle fasetten fan de frisistyk. De Dútske Anna Becker út Poalen wie ek inkelde wiken te gast yn it Coulonhûs.

Hoi Anna, wolkom op de Fryske Akademy! Kinst dysels foarstelle oan ús lêzers?

“Myn namme is Anna Becker en ik bin assistint-professor en in Marie Skłodowska-Curie Fellow by it Ynstitút foar Slavyske Stúdzjes (ôfdieling Taalkunde) fan de Poalske Akademy fan Wittenskippen. Ik wenje no sûnt in jier yn Warschau, Poalen en kom oarspronklik út Dútslân, út in hiel lyts stedsje op de grins tusken Rheinland-Pfalz en Saarland.”

Hoe kaamsto út by Mercator en de Fryske Akademy?

“As ûnderdiel fan myn ûndersyksprojekt, dat meifinansiere wurdt troch it Poalske Nasjonale Wittenskipssintrum en de Europeeske Kommisje, krige ik de kâns om in eksterne ynstelling te besykjen om fertroud te reitsjen mei in oare omjouwing as dy dêr't ik studearje. It doel wie om kennis út te wikseljen, ús netwurken út te wreidzjen, fergelykbere ynteresses te ûntdekkjen en miskien sels manieren te finen om yn de takomst gear te wurkjen.”

“In pear jier lyn learde ik as studint it Mercator Kennisintrum kennen fia de nijsbrief fan it Mercator Netwurk. Ik haw altyd fassinearre west troch it grutte ferskaat oan linguïstyske ûnderwerpen dy't yn dizze nijsbrief oan bod komme en de wize wêrop it deryn slagget om polityk nijs en ûntwikkelings te presintearjen oan lêzers dy't ynteressarre binne yn linguïstyk. Omdat ik sels sosjolingvist bin, haw ik der in soad fan leard en ik wie der tige wiis mei dat ik no de kâns krigen haw om nei it Mercator Kennisintrum ta te gean as gastûndersiker. De besite sels wie mooglik makke troch de langrinnende profesjonele bân tusken myn mentor, Prof. hab. Nicole Dołowy-Rybińska, en Dr. Jelske Dijkstra fan Mercator/Fryske Akademy.”

Do wiest mar in pear wiken op de Fryske Akademy. Wat wiene dyn plannen einliks?

“Yn de koarte tiid dy't ik op de Fryske Akademy hie, hope ik te learen hoe't meartaligens beoefene wurdt yn in mear lanlike omjouwing yn de stêd Ljouwert, hoe't benaderingen

fan taalûnderwiis fan ûnder ôf ymplementearre wurdt op skoallen, en hoe't ûndersyk ferspraat wurdt fia nijsbrieven en oare kanalen op it Mercator Kennisintrum. Myn doel wie om de fragen fan myn ûndersyksprojekt oer meartaligens, migraasje en oare politike bewegings út in mear praktysk perspektyf wei te ûndersykjen en mei safolle mooglik ferskillende belanghawwenden te praten om de kompleksiteit fan sokke prosessen te begripen.”

“Ik leau dat ik nei in tige ryk en ferskaat ferbliuw in folle better begryp en ek wurdearring krigen haw foar benammen bottom-up benaderingen om taalkundich en kultureel ferskaat te befoarderjen. De twa besites dy't ik oan skoallen yn Ljouwert (Taalskoalle) en Burgum (CGS Liudger) brocht haw, hawwe my nije wegen nei meartalich ûnderwiis sjen litten, sûnder in soad beliedsbegelieding of ynfrastruktuer. De net ôflittende ynspanningen en ynset fan learkrêften dy't de ferhalen, eftergrûnen en behoeften fan bern lykje te begripen, binne like sinfol - sa net sinfol - om harren yn harren klasse op te fangen, likefolle taalbarriêres

of hege taalfeardigensferwachtingen.”

“Ut de oare petearen dy 't ik hie oer ferskate ûndersyksprojekten, de fersprieding fan ûndersyk en de algemiene ûndersyksaginda die ek bliken dat der in soad berikt wurde kin troch gearwurking en kommunikaasje. It team fan de Fryske Akademy blinkt hjir nei myn miening yn út: in geweldige groep minsken dy 't fassinearre binne troch wat se dogge, dy 't graach iepenlik prate oer harren ideeën en fragen, en dy 't oaren ferwolkomje om diel út te meitsjen fan harren missy.”

Wat stiet der de kommende tiid foar dy op it programma?

“Ik haw no noch in jier te gean oan de Poalske Akademy fan Wittenskippen yn Warschau. Myn doel is om myn ûndersyk te fersprieden yn de foarm fan akademyske en net-akademyske artikels, presintaasjes op konferinsjes en aktiviteiten foar de mienskip. Idealiter kin ik aanst in oare akademyske posysje fine dy't my yn steat stelt om fragen oer it snijflak fan taal, ûnderwiis en maatskippij fierder te ûndersykjen troch ûndersyk en ûnderwiis.”

Komsto noch in kear werom nei Fryslân?

“Absolút! Ik haw in geweldige tiid hân yn Fryslân en soe graach nochris werom gean. Ik ûntduts kulinêre spesjaliteiten op de wyklike freedsmark yn Ljouwert, besocht it Fries Museum en it Planetarium yn Frjentsjer. Troch Cor van der Meer en Jelske Dijkstra, dy 't my meinamen op in toer om it prachtige Fryske lânskip te ûntdekken, koe ik al it wetter, de boaten en de skiep fan it plattelân sjen, dêr 't ik echt fan geniete ha. Hooplik kinne wy ús profesjonele netwurk fierder útwreidzje en de geweldige konneksjes dy't wy al hawwe tusken ús beide ynstellings ûnderhâlde. As ien ûnderwilens Warschau besykje wol, lit it my dan witte, sadat ik wat weromdwaan kin foar jim geweldige gastfrijheid.” □



Fenna Bergsma promovearre oan Johann Wolfgang Goethe-Universität (DE)

Us kollega Fenna Bergsma is no offisjeel promovearre oan de Johann Wolfgang Goethe-Universität yn Frankfurt am Main (Dútslân). Har proefskrift hie se op 17 desimber 2021 al suksesfol ferdigene, mar yn Dútslân mei ien de doktorstitel pas fiere op it momint dat it proefskrift publisearre is. Dat is no it gefal.



Bergsma's wittenskiplike ferhanneling *Case competition in headless relatives* is útbrocht troch de Universitätsbibliothek Johann Christian Senckenberg en is fergees del te laden. It proefskrift giet oer hoe't de ynterne struktuer fan in wurd de grammatikaliteit fan

in sin beynfloedet. Se fergelike dêrfoar frije relatyfsinnen en relatypronomen út ferskillende talen mei inoar.

Oer Fenna Bergsma

Sûnt 2021 wurket Fenna Bergsma (1991, Reduzum) by de Fryske Akademy as taalkundich ûndersiker en docht se ûndersyk nei Fryske morfology en syntaksis. Tusken 2020 en 2023 hat hja ek wurksum west as dosint oan de Universiteit fan Amsterdam op it mêd fan morfology en syntaksis.

Bergsma behelle yn 2013 har bachelordiploma Linguistics oan de Ryksuniversiteit yn Grins, yn 2015 har masterdiploma Linguistics oan de Universiteit fan

Amsterdam en yn 2024 har doktoraatsdiploma oan de Johann Wolfgang Goethe-Universität. □

→ [Link nei it proefskrift:](#)

OPUS 4 | Case competition in headless relatives (uni-frankfurt.de)



Yn 'e kunde komme mei Suzanne Dekker

Suzanne Dekker is in warber bijke. Sûnt oktober 2023 wurket Dekker by de Fryske Akademy oan de projekten fan it Mercator Kennisintrum. Hja is dêrneist ûndersiker by de Hegeskoalle fan Utert en tusken de bedriuwen troch wurke hja ek noch oan har promoasje oan de Ryksuniversiteit Grins. De heechste tiid om yn 'e kunde te kommen mei dizze besiele wittenskipper.

“Ik bin Suzanne Dekker, ik bin 35 jier en wenje yn Amersfoort. Yn oktober 2023 bin ik begûn as postdoc / senior ûndersiker by Mercator, wylst ik yntusken myn PhD ôfrûne. Ik wurkje op 't stuit ek ien dei yn 'e wike as ûndersiker by it lektoraat Meartaligens en Underwiis fan de Hegeskoalle fan Utert, dêr't ik belutsen bin by projekten oer effisjint ûnderwiis Ingelsk op de basisskoallen, meartaligens en lêsunderwiis, en profesjonalisearring fan nijkommersspesjalisten.”

Nei har research master linguistyk yn Utert hat Dekker wurke as projektassistint binnen ferskate projekten oan de Universiteit Utert, bygelyks oan it EDINA projekt, *Education for International Newly Arrived Migrant pupils*. Binnen dat projekt wurke hja oan it benutten fan meartaligens foar oarstalige



nijkommers yn it primêr en sekundêr ûnderwiis yn Nederlân, Finlân en België. Dêrneist hat Dekker foaral in soad empirysk ûndersyk útfierd by it Babylab, lykas eye-tracking en head-turn preference prosedueres foar jonge bern.

Promoasjeûndersyk

Dekkers ûndersykswurk yn Utert wie in moaie basis foar har promoasjeûndersyk by it lektoraat Meartaligens en Geletterdheid fan de NHL Stenden Hegeskoalle en de Universiteit Grins. “Myn promotor is jim âld-kollega Joana Duarte, en myn ko-promotor is Hanneke Loerts. Ik haw by NHL Stenden it begeliedende ûndersyk útfierd binnen it 3M Project (Meer kansen Met Meertaligheid) en as dosint by de Universiteit Grins fersoarge ik de fakken *Language Variation: The Communicative Consequences, Language Planning and Policy, en Multilingualism and Education.*”

“Myn promoasjeûndersyk giet oer it ûntwikkeljen, ymplementearjen en evaluatearjen fan meartaligens op Fryske basisskoallen. Binnen it 3M Project waarden der nammentlik meartalige aktiviteiten ûntwikkele foar ferskillende doelgroepen learlingen. Myn ûndersyk giet oer de hâldingen tsjinoer meartaligens en it brûken fan dizze meartalige aktiviteiten, en hoe 't de hâldingen harren ûntwikkelje yn de rin fan it projekt.”

Dekker hat gebrûk makke fan kwantitative enkêtes en longitudinale analyze fan fideo-data, en kwalitative (longitudinale) ynterviews. “It ûndersyk lit sjen dat men oer it algemien posityf stiet tsjinoer meartaligens, en in soad helje kin út dielname oan in projekt as 3M. Ek lit it sjen dat soksoarte projekten needsaaklik binne om meartaligens del te setten as prioriteit binnen de skoallen.”

Takomst


By Mercator en de Fryske Akademy wurket Dekker op dit stuit benammen oan it analysearjen fan de Taalsurvey, in grutskalich ûndersyk nei de hjoeddeistige sels-ynskatte taalfeardigens, attitudes en gebrûkspatroanen fan it Frysk. “Ik bin ek belutsen by it nije IGT



projekt: InterGenerational Transmission of West-Frisian. Fierders besykje ik yn oparbeidzjen mei de oare meiwurkers fan Mercator ûndersyk op te setten binnen besteande projekten, om te soargjen dat der akademyske produksje komt dêr't dat noch net pland is, en bin ik belutsen by it skriuwen fan nije projektoanfragen."

"Yn de takomst hoopje ik belutsen te wêzen by projekten dy't ik sels help oanfreesje. It soe moai wêze om myn eigen ûndersyksline útsette te kinnen, keppele oan sawol migrante- as minderheidstalen. Mar earst hoopje ik, nei myn promoasje yn juny, mei myn partner en ús dochter twa wiken nei Dútslân te gean om Ierland te besykjen. En

fierders hoopje ik foaral myn wurk ôf te rûnjen

foar't ik nei de simmer mei swangerskipsferlof gean!" 

→ Tongersdei 13 juny lêstlyn is Suzanne Dekker promovearre oan de Rijksuniversiteit Groningen. Dekker, S. (2024). *'Multilingualism in Heads, Hearts, and Hands': Attitudes towards the development, implementation, and evaluation of multilingual approaches in Frisian primary schools*. [Thesis fully internal (DIV), University of Groningen]. University of Groningen.

→ [Link nei it proefschrift](#)



Yn it midden dr. Suzanne Dekker mei har bul

Nij Frysk ûndersyk nei taaloerdracht binnen jonge húshâldings

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, Afûk en it European Centre for Minority Issues (ECMI) yn it Dútske Flensburg sille in grutskalich ûndersyk yn Fryslân útfiere nei taaloerdracht binnen jonge húshâldings. De provinsje Fryslân hat in subsydzje takend oan it projekt 'The intergenerational transmission of West Frisian: promoting multilingual child-rearing and supporting (future) parents', dat twa jierren yn beslach nimme sil.

Taaloerdracht is belangryk foar it fuortbestean fan in taal. De persoanlike hâlding dy't minsken oannimme oangeande de (minderheids)taal spilet dêrby in wichtige rol. Ruth Kircher (ECMI), Jelske Dijkstra (Mercator/ Fryske Akademy), Mirjam Vellinga (Afûk) en Suzanne Dekker (Mercator/ Fryske Akademy) sille harren dêrom de kommende twa jierren dwaande hâlde mei ûndersyk nei de taalhâlding fan (takomstige) âlden oangeande it Frysk en it meartalich opgroeien. Dêrút folgjend sil in taalkampagne opstart wurde.

It ûndersyk rjochtet him op minsken mei in bernewinsk, takomstige âlden dy't in poppe ferwachtsje en op âlden dy't jonge bern ha. Under it projekt wurdt mei fragelisten yn kaart brocht fan hokfoar ynformaasjeboarnen âlden ferlet hawwe as sy mear witte wolle oer it opbringen fan harren bern mei it Frysk en op hokfoar mominten sy dy ynformaasje ûntfange wolle. De data sille fierder ek ynsjoch jaan yn de motivaasje fan âlden om it Frysk wol of net oer te dragen oan harren bern en liede ta oanrekommandaasjes foar beliedsmakkers. Haadûndersiker Ruth Kircher hat ûnderfining mei ferlykber ûndersyk yn de Frânsk-Ingelske provinsje Quebec yn Kanada. Kircher sil it ûndersyk liede en tagelyk inselde ûndersyk útfiere yn Noard-Fryslân yn Dútslân. Sa kinne beide situaasjes mei-inoar ferlike wurde en der fan inoar leard wurde.

Kircher, Dijkstra, Dekker en Vellinga sille yn alle fazen fan it projekt nau mei inoar gearwurkje, mar it ECMI sil it

ûndersyksûntwerp liede. It Mercator Kennisintrum en de Afûk binne ferantwurdlik foar de datasamling.

Mercator hat de superfyzje oer de analyze en it rapport. De Afûk liedt dêrnei de bewustwurdingskampanje foar (takomstige) âlden, op basis fan de ûndersyksresultaten. Dêrneist wurde der materialen ûntwikkele foar profesjonals dy't wurkje mei jonge bern en (takomstige) âlden, lykas ferloskundigen, logopedisten en bernedokters, om harren kennis en bewustwurdiging oer meartaligens en it Frysk te fergrutsjen.

Oer Mercator

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is ûnderdiel fan de Fryske Akademy en ûndersiket meartalich ûnderwiis en taallearen yn Europa. It is in ûnôfhinklike en erkende besoarger fan kennis en ynformaasje oer regionale en minderheidstalen yn Europa. It Mercator Kennisintrum is ûnderdiel fan it wittenskiplik

ûndersyksynstitút Fryske Akademy, dat dit jier 85-jier bestiet.

Oer Afûk

Afûk is de promoasje-organisaasje foar de Fryske taal en kultuer en hat sadwaande in ferskaat oan taken op it mêd fan ûnderwiis en taalpromoasje yn en oer it Frysk. Afûk fersoarget taalkursussen en Frysktalige learmiddels, mar jout ek boeken en tydskriften út, ûntwikkelet taal- en bewustwurdingskampanjes en is partner yn ynternasjonale minderheidstaalprojekten.

Oer European Centre for Minority Issues (ECMI)

It ECMI yn Flensburg is binnen Europa in renomrearre ynstitút foar de beskerming en fersterking fan de posysje fan minderheden. It is in ûnôfhinklike en ynterdissiplinêr ûndersyksintrum, dat yn 1996 oprjochte waard troch de regearen fan Denemarken, Dútslân en Sleeswyk-Holstein. □

Lêze jo de digitale Nijsbrief fan de Fryske Akademy al? Oanmelde kin fia de website

www.fryske-akademy.nl



Suksesfolle Kick-Off Read with Multilingual Early Education projekt

It nije Erasmus+ projekt Read with Multilingual Early Education is lansearre op 15 en 16 jannewaris yn Ljouwert. It projekt is in gearwurking tusken Fryske Akademy/Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, NHL Stenden Hegeskoalle, 8D Games, ATiT (BE), Trinity College Dublin (IE) en de Universiteit fan Baskelân (ES).

Fertsjintwurdigers fan alle partners wennen de startgearkomste yn Fryslân by om de doelen en plannen fan it projekt te bepraten. Op de earste dei fan it evenemint sleaten twa fertsjintwurdigers fan it Nederlânske Erasmus+ nasjonaal agintskip ek oan by de gearkomste.

Lêsûntwikkeling

It Read with Multilingual Early Education projekt hat as doel om de lêsfeardigens fan jonge meartalige bern (2-6 jier) te

befoarderjen. It projekt rjochtet him yn it bysûnder op de yntegraasje fan minderheids-, migrante- en flechtlingetalen en regionale talen om de lêsûntwikkeling fan bern te befoarderjen.

Yn it trijejierrige projekt sille de partners nau gearwurkje mei eksperts en professionals út it fjild, lykas learkrêften (yn oplieding), meiwurkers fan bernedeiferbliuwen en biblioteek-meiwurkers, om derfoar te soargjen dat it

projekt oanslút by konkrete behoeften út de praktyk. Dêrfoar sil de projektgroep ferskate helpmiddels meitsje, lykas in hânboek, fideo's mei Europeeske best practices, en in ynteraktive app mei in serious game. □



Jurisprudentia Frisica goed op gong

Op woansdei en tongersdei 26 en 27 juny kaam it team dat al fiif jier dwaande is mei in nije edysje en Ingelske oersetting fan de Aldfryske tekst Jurisprudentia Frisica by elkoar foar in wurksessy. It team bestiet út prof. em.mr. Jan Hallebeek, prof.dr.mr. Hylkje de Jong (beide VU Amsterdam), dr. Han Nijdam, dr. Oebele Vries (beide Fryske Akademy), en dr. Marvin Wiegand. Marvin Wiegand is ferline jier oktober promovearre op in ûndersyk nei it gelearde rjocht yn Fryslân yn de 15e iuw.

De tekst Jurisprudentia Frisica foarmet it aldergrutste part fan it hânskrift Codex Roorda. It makket diel út fan de Von Richthofenkolleksje fan Tresoar, dy't sûnt ferline jier registrearre is as Unesco Memory of the World. Dit hânskrift is it lêste dêr't noch gjin moderne edysje en oersetting fan beskikber is, en dat is net om 'e nocht.

Jurisprudentia Frisica is in tekst dêr't de gearwurking tusken rjochtshistoarisi en Aldfrisisten foar nedich is. De tekst bestiet út in Aldfryske haadtekst, mei in útwreide glosse-apparaat der om hinne. De Latynske tekst is wol twa as trije kear sa omfangryk as it Aldfrysk. En wêr't by it Freeska Landriucht, dat ferline jier útjûn is troch it team Hallebeek, De Jong en Nijdam, it Aldfrysk op himsels stiet en de glossen dêr in

kommintaar op leverje, is it by Jurisprudentia Frisica gauris sa dat it Aldfrysk in oersetting is fan it Latyn yn de glossen. It gelearde rjocht wie yn dizze tiid, de lette 15e iuw, liedend.

De útjefte fan de tekst is ynhâldlik oer de helte: it team hat noch in pear jier te gean. De wurksessy fan 26 en 27 juny wie bedoeld om noch in slach te meitsjen

yn de earste 20 fan de yn totaal 87 titels fan de tekst. Der binne definitive karren makke oer de twa lagen dy't yn it glosse-apparaat te ûnderskieden binne en oare edysjetechnyske saken. Dizze earste 20 titels sille yn foarriedige foarm ynkoarten online publisearre wurde, om it (ynter)nasjonale publyk meisjen en meitinke te litten.



→ [Link nei: Von Richthofenkolleksje](#)



→ [Link nei: Edysje Freeska Landriucht](#)



F.l.n.r. Han Nijdam, Marvin Wiegand, Oebele Vries, Hylkje de Jong, Jan Hallebeek

Skiednis fan de Fryske Waadfeart op nij ûndersocht

De Waadsee wie iuwenlang in ferkearsier dy 't havens en stêden lâns de Waadkust tusken rûchwei Harns en Bremerhaven mei-inoar ferbûn. Fia de Waadsee berikte in brede waaier fan guod út de Fryske en Dútske efterlannen, fia de wrâldhavens Hamburg, Bremen en Amsterdam, de Fryske, Grinzer en East-Fryske kustplakken lâns de Waadsee. Harns, Delfzijl en Embden ûntwikkelen har ta wichtige knyppunten wylst tal fan lytsere havens ynskeakele waarden yn dit transportsysteem. De Waadsee spile dêrtroch iuwenlang in rol yn it útwikseljen fan guod, minsken, kapitaal, kennis en kultuer yn de histoaryske Fryske lannen oan beide kanten fan de hjoeddeistige Nederlânsk-Dútske grins.

Op 12 april fûn op inisjatyf fan de Fryske Akademy yn Ljouwert in netwurkgearkomste plak fan fertsjintwurdigers fan Fryske, Grinzer en East-Fryske musea en kennisinstellings. Dielnimmers wiene it Veenkoloniaal Museum Veendam, Fryske Akademy, it Hannemahûs Harns, Fries Scheepvaart Museum Sneek, Schlossmuseum Jever, it Niedersächsisches Institut für Historische Küstenforschung Bremerhaven en Deutsches Sielhafenmuseum Carolinenseel.

It wie in ferkennende gearkomste bedoeld om ûndersyk en kennisdieling oer de skiednis en maritime kultuer fan de Waadfeart neier foarm te jaan. De netwurkgearkomste hie ta doel om oansetten ta in ûndersyksaginda te formulearjen en gearwurking tusken de ûnderskate ûndersyksinstellings, argiven en musea te realisearjen. De ekonomyske, sosjale en maritime wikselwurking

tusken de noardlike Fryske regio's stie dêrby yn it middelpunt. De gearwurkjende partijen steane oan de iene kant ûndersyk nei aspekten fan de Fryske Waadfeart tusken de 16de en 19de-iuw foar eagen.

Oan de oare kant wurdt stribbe nei de realisasje fan in tentoanstelling oer de skiednis fan de Fryske Waadfeart, dêr't de nijste ynsichten yn ferwurke wurde. De dielnimmers sprutsen har út foar nij ûndersyk, kennisdieling yn

publikaasjes, de organisaasje fan breed tagonklike gearkomsten, útwreiding fan it netwurk en ynskeakeling fan it bredere publyk en 'citizen science' by it sammeljen fan kennis.

De netwurkgearkomste oer de Waadfeart fan de Fryske lannen yn de betiid moderne tiid en de 19de iuw waard mooglik makke troch it Interreg-programma Deutschland-Nederland en syn programmapartners en waard meifinansiere troch de Europeeske Uny (EU). □



Archeology-nijs

It Archeologysk wurkferban wie yn juny mar leafst trije kear op paad mei in kream. Sa wiene hja yn Feanwâlden by de 'Dag van de Friese Amateurarcheologie', yn Bûtenpost op de 'Bodemvondstendag' en yn it Grinzer Nuis by de 'Dag van de Noord-Nederlandse Archeologie'.

Op alle trije eveneminten wie der in soad belangstelling foar de útstalling fan it Archeologysk Wurkferban en koene we prate fan slagge dagen. □



Archeology is en bliuwt in passy

Gelkje Schotanus oan it wurd

Mar leafst 30 jier wie ja bestjoerslid fan it Archeologysk Wurkferbân, wêrfan 16 jier foarsitter. Op tongersdei 16 maaie lêstlyn wie har lêste gearkomste as foarsitter fan it wurkferbân en naam Gelkje Schotanus ôfskied as bestjoerslid. De heechste tiid om wat fragen te stellen.

Kinst koart wat oer dysels fertelle?

"Ik bin hikke en tein op De Lemmer. Op myn 18de gong ik de wat widere wrâld yn foar stúdzje. Tsjintwurdich wenje ik mei myn partner op it Hearrenfean (Skoatterwâld). Yn myn 46-jierrige wurksome libben wie ik foltiidsk dwaande, earst as eksportmanager bûten Europa by Tonnema yn

Snits (KING, RANG, ensfh..), letter oernaam troch Douwe Egberts / Sara Lee. De lêste 23,5 jier wie ik fêstigingslieder fan Sonnema yn Boalsert. Jannewaris '25 gean ik mei pensjoen. Neist myn wurk hie ik fan ein jierren '80 ôf ferlet om my maatskiplik yn te setten yn in tal regionale bestjoeren op it mêd fan archeology, taal, kultuer, keunst en natoer.

Sunt in reis nei Japan ha ik in sterke ynteresse yn de tradysjes, keunstuteringen en (tún)boukeunst fan dit lân. Fierder hâld ik fan lêzen, túnkjen, fytsen en persoanlike kado's meitsje foar famylje en freonen."

Wannear en hoe bist by it Archeologysk Wurkferbân behelle rekke? Hast ek opliedings folge op archeologysk mêd?

"Eins begûn it al doe't ik in lyts famke wie: ik groef thús yn 'e grientetún om de

wrâld ûnder it meanfjild te ûntdekken. Pas ein jierren '80 krige it in ferfolch; ik wenne doe yn Drylts. Dêr hie in buorman yn syn kelder doazen mei diggels stean fan in opgraving. Hy nûge my út om ris mei te gean nei in ledegearkomste fan it AWFA. Ik wie fuort ferkocht en bin daliks lid wurden. De teoretyske (kennis sammelje) likegoed as de praktyske kant (kennis opdwaan by opgravings) lutsen my oan. Myn ynteresse giet foaral oer de perioade fan Bronstiid oant en mei de Midsiuwen.

Opliedingen ha ik folge yn Utert en Swolle op it mêd fan lânmjitten en fynsten tekenjen."

Do bist yn 1994 yn it bestjoer kaam fan it Archeologysk Wurkferbân en wiest fan 2008 ôf foarsitter. Wiene der mear froulju aktyf yn it wurkferbân? Hoe wie



Gelkje Schotanus

dat foar dy en wat binne saken dêrst grutsk op wêze kinst as foarsitter/bestjoerslid yn dyn hiele tiidrek?

"Yn dy perioade haw ik binnen it wurkferbân froulju moete dy't - njonken it trou bywenjen fan de ledegearkomsten - ek meiholpen en helpe by projekten en ferskate opgravings. Mei yngong fan de bestjoerswiksel yn maaie '24 sit der foarearst gjin frou mear yn it bestjoer. Grutsk bin ik op de saamhorichheid, in frijwol altyd kompleet bestjoer, in ynteressant jierprogramma ynklusyf in ekskurzje by it begjin fan it winterseizoen en de ynbring (út har mannichte fan netwurken wei) en it wurk fan mei-bestjoersleden. En as it dan dochs oer mysels gean moat: de ledegearkomsten liede, nije leden foar te stellen en de fragen-ronde yn goede banen liede. It ferbiningsstik, sis mar."

Wiest sels ek behelle by archeologyske opgravings?

"Myn earste opgraving / ferkenning wie op it Klokmêd, de Tynje. Bysûndere en langere opgravings wiene foar my ek: Uniastate-Bears, Terp Stapert-Wommels, Brêgebuorren-Winsum, terpke-Snits Noard en Arkum-Tsjerkwerd. It slútstik oan 'e ein fan myn bestjoersperioade gie oer it besykjen fan in fjildferkenning mei metaal detektors op 11 maaie lêstlyn yn Ketlik, op fersyk fan in pleatslike histoaryske feriening."

Wolst noch wat fertelle oer dyn lêste gearkomste?

"Myn lêste gearkomste as foarsitter wie op 16 maaie '24. Anne ten Brink fersoarge in wiidweidige lêzing mei moaie bylden én eigen fynsten dêrby, titel: 'Op zoek naar Neanderthalers, een passie!'. Dêrnei kaam agindapunt Bestjoerswiksel oan 'e oarder. As symboalyske foarsittershammer ha ik in, fan Anne liende, fústbile oerlange oan de nije foarsitter Sible de Roos."

Bliuwst nei dyn ôfskied behelle by it wurkferbân?

"Archeology is en bliuwt in passy. No't ik oan de oare kant fan 'e bestjoerstafel telâne kom, bliuw ik mei belangstelling útsjen nei nijsgjirrige lêzingen, ekskurzjes, (it besykjen fan) opgravings en oare aktiviteiten op archeologysk mêd."

Wat makket it belangryk dat de wurkferbannen by de Fryske Akademy hearre?

"Yn it beânturdzjen fan dizze fraach beheine ik my ta it Archeologysk Wurkferbân: as ferlingstik fan de Fryske Akademy de wittenskip mear tagonklik meitsje foar in grutter publyk. troch lêzingen en ekskurzjes te organisearjen. It Archeologysk Wurkferbân presintearret him troch it jier hinne by archeologyske stipepunten, yn musea en

sels op yntroduksjedagen foar studinten mei in tafel, ynformaasje en fynsten."

Wat winskest de wurkferbannen en wurkgroepen foar de kommende tiid ta?

"Fierdere nije oanwaaks en ferjonging. De lêste jierren binne der wol in tal nije leden bykaam, ek troch ynspannings, ynset en lêzings oan ús leden fia by de Akademy wurksume of troch de Akademy besykjende wittenskippers. Mar fergrizing fan it ledebestân bliuwt in punt fan oandacht. Strukturele ôfstimming oer de definitive ûndersyksaginda fan de Fryske Akademy en iepen petearen oer in mooglike bydrage dêroan út it AWFA wei. Moetings en mooglike gearwurkingen ek tusken de wurkferbannen en -groepen." □



Simmerskoalle oer spraaktechnology

→ Fryske Akademy/Mercator wie partner fan RUG/ Campus Fryslân by de organisaasje fan de simmerskoalle oer spraaktechnology. Op de lêste dei kamen de dielnimmers noch gesellich in drankje drinkje yn de histoaryske binnentún fan de Fryske Akademy.



MultiLit

→ Mei tank oan it Noarsk-Fryske projekt Multilectal Literacy in Education (MultiLit) kaam yn juny de Sámi fágagirjjálaš čálliid- ja jorgaleaddjiidsearvi (The Sami Non-Fiction Writers- and Translators Association) op besite by de Fryske Akademy. Janneke Spoelstra fertelde oer Skandinavië yn de Fryske literatuer, Martine Jansen fertelde oer it wurk fan it Mercator Kennissintrum foar Meartaligens en it Saámi Regionale Dossier, en Anne Merkuur hold in praatsje oer it Frysk en de taalsitewaasje yn Fryslân.

Mini-wittenskipsfestival

→ Fryske apps, meartaligens, Aldfrysk, feangreide, literatuer... Op ús mini-wittenskipsfestival koene kollega's fan oare Fryske ynstituten (bgl. Wetterskip, Firda, Doarpswurk, gemeentlike en provinsjale tsjinsten), yn it ramt fan de Wike fan de Utwikseling fan Werken in Friesland, yn 'e kunde komme mei ús wurk.



*F.l.n.r. André Looijenga, Oebele Vries, Heiko Suhr, Han Nijdam.
Op 'e foto ûntbrekt Simon Halink*

Ostfriesische Landschaft

→ Om mei-inoar yn 'e kunde te kommen en mooglikheden ta gearwurkingen te ûndersykjen, besocht Dr. Heiko Suhr fan de Ostfriesische Landschaft yn april de Fryske Akademy.



Serbski Institut op besite

→ In delegaasje fan it Serbski Institut yn Dútslân, it Sorbyske ynstitút foar de stúdzje fan de taal, skiednis en kultuer fan de Lausitzer Sorben/Wenden, fereare ús yn april mei in besite. De groep waard ferselskippe troch Mirjam Vellinga fan de Afûk.

Leaving behind Dorestad

→ Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm hat op woansdeitejûn 24 jannewaris de Keynote lecture fan it Dorestad Congress 2024 fan it Rijksmuseum van Oudheden yn Leien holden. Yn har tige goed besochte lêzing Leaving behind Dorestad: The North Sea World of Frisians, Vikings and others stie se stil by de Noardsewrâld en it Fryske gebiet yn de perioade nei de tiid fan Dorestad.

Studinten Mirandeeske taal op reis nei Fryslân

→ João Rodrigues en Noemi Carvalho út Portugal wiene de bêste studinten op skoalle yn de Mirandeeske taal en wûnen dêrmei yn april in reis nei Fryslân. Jelske Dijkstra en Cor van der Meer ûntfongen de studinten út namme fan Mercator/ Fryske Akademy en lieten harren yn 'e kunde komme mei in trijetalige skoalle en mei oare Fryske inisjativen yn ús meartalige provinsje.



Posthumus-Konferinsje yn Ljouwert

Op 23 en 24 maaie waard op de Campus Fryslân Ljouwert de Posthumus Konferinsje 2024 hâlden. De Fryske Akademy, fertsjintwurdige troch Hanno Brand, wie mei-organisator en gasthear fan de twa-daagse gearkomste.

De Posthumus konferinsje is in jierliks event yn it programma fan de ûndersyksskoalle, dêr't ek de FA ta heart. De ûndersyksskoalle rjochtet him op de PhD-studenten yn Nederlân en Flaanderen en fersoarget post-akademysk ûnderwiis foar promovendy en post-docs op it mêd fan de sosjale- en ekonomyske skiednis. Hanno Brand sit út namme fan de FA yn it bestjoer fan de ûndersyksskoalle. Promovendus Mark Raat folget in trajekt yn it ûnderwiisoanbod. Om reden dat de konferinsje dit jier yn Ljouwert plak fûn, stie it tema 'Regional History in a Global Context' sintraal.

De konferinsje waard bywenne troch mear as 85 dielnimmers, dy't genietsje koene fan in ynspirearjende keynote lêzing troch professor Nicolaus Wolf (Humboldt Universiteit Berlin) en fan de neibeskôging fan âld-FA-meiwurker Marijn Molema (Plan Bureau Fryslân) dy't omtinken hie foar it spesifike Fryske profyl.

Twa dagen lang fûnen der tolve parallel tematyske sesjes plak, wêrfan fiif taspietst op rinnend promoasjeûndersyk. Doel fan sokke sesjes is dat promovendy harren presintaasjetechnyken ferbetterje, leare it ûndersyk fan oaren te becommentariearjen en harren feardichheden as panellieders oan te skerpjen. It laad ta nijsgjirrige gedachtenwikselingen en nuttige learmominten.

Mark Raat gie yn op it politike debat oer ferfeaning yn Fryslân yn de 18de iuw. Dêrneist wiene der tematyske netwurksesjes mei presintaasjes fan senior ûndersikers. Hanno

Brand gie yn in sesje oer 'Globalisearing, ûngelikens en duorsûmings yn it lange tiidperspektyf' yn op de Fryske houtfeart op Noarwegen en de Eastsee yn de 17de iuw. Under it konferinsjediner waarden sertifikaten foar it ôfmeitsjen fan de Basic PhD Training útrikt oan de oanwêzige PhD-cohort 2022. De Posthumus ûndersyksskoalle sjocht werom op in slagge en fariearre konferinsje en op in noflike gearwurking mei de Fryske Akademy en mei Campus Fryslân. [□](#)



Posthumus direkteur Jessica Dijkman by de útriking fan de sertifikaten oan de Posthumus promovendi

Jong en âld Lyts en grut Frysk diktee

Beide edysjes fan it Frysk Diktee binne wer holden yn de Steateseal fan it Provinsjehûs. Op 23 april koene de folwoeksenen sjen litte wat se koene by it Grut Frysk diktee en op 14 maaie mochten basisskoallebern harren bêst dwaan foar it Lyts Frysk diktee.

Gouden Dakje

It Grut Frysk Diktee 2024 is wûn troch Nynke Duijff-Veenstra fan Damwâld. Mei mar 2,5 flaters wie dat resultaat goed foar it Gouden Dakje. Ekstra bysûnder om't by Nynke in oantal jierren lyn de spierykte ALS fêststeld is. Dêrtroch is sy har spraakfermogen sa goed as kwyttrekke en ûnderfynt sy hieltyd mear problemen mei bewegen. Dêrom hat sy it diktee yn de steateseal makke op in spesjale laptop. Tegearre mei har soan Willem Duijff naam se it gouden dakje yn ûntfangst.

Twadde waarden Mariska Velstra en Hessel Yntema, tredde Doutsen Jellema en Siegbert de Jong. Der diene fan 't jier ek wer fiif teams mei. Dy strieden tsjininoar en dêrby wienen fan de Freonen fan Fryske ynstellingen mei gemiddeld 12,6 flaters it winnende team. Se waarden folge troch de studinten út Amsterdam (yn trochsneed 26,5 flaters) en it tredde plak wie foar it team fan Harkemase Boys (trochinoar 39,9 flaters).

De tekst fan it diktee wie skreaun troch waar- en klimaatsaakkundige Gerrit Hiemstra en hie as titel 'Ofskied fan 'e winter'. Yn sân sinnen joech Hiemstra oan dat it klimaat feroaret. As wy dêr wat oan dwaan wolle, dan moatte wy ôfskied nimme fan ús hjoeddeiske libbenswize, der moat in transysje komme, foaral yn it tinken. De eardere waarman makke de dielnimmers kjel mei kerbûstich en ûnlijich waar en wurden as eazjende stjalprein. Ek Jûkelburd en Rûchburd, as oantsjuttingen foar Kening Winter kamen del om de dielnimmers te pleagjen.

Marije Buma winner Lyts Diktee

Marije Buma fan de Master Frankeskoalle út Earnewâld kin it bêste Frysk skriuwe fan alle basisskoallebern yn Fryslân. Mei 6 flaters wie se tiisdei 14 maaie de winner fan it Lyts Frysk Diktee yn it



F.l.n.r. Marije Buma, Annarixt Weststeijn, Saphyra Holwerda

provinsjehûs. Ferline jier wûn se it ek al. Twadde waard Annarixt Weststeijn fan de Doarpskoalle út Nij Beets mei 9 flaters. En it tredde plak wie foar Saphyra Holwerda fan de Tijstream út Holwert.

Der diene yn totaal 46 learlingen fan 22 skoallen mei oan de finale fan it Lyts Frysk Diktee. Skriuwer Jan Minno Rozendal skreau de dikteetekst en lies it diktee ek foar. Jan Minno Rozendal is bekend fan ûnder oaren it boek Tie Break (2024). □

F.l.n.r. priiswinners Nynke Duijff-Veenstra, har soan Willem Duijff en presintatrise Miranda Werkman



Tusken kust en kitsch

Tusken kust en kitsch. Ier midsiuwsk Frisia troch de eagen fan Fikingen, it Aldfrysk en de hjoeddeistige ûndersiker, dat wie it tema fan de Pinkstertiisdei publykslêzing dy't dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, direkteur-bestjoerder en histoarikus by de Fryske Akademy, hold op tiisdeitejûn 21 maaie by Tresoar yn Ljouwert. De lêzing wie it slotstik fan in symposiumdei oer de Fryske Midsiuwen.

Yn 'e iere midsiuwen stie ús kustgebiet bekend as Frisia. Oer see wie dat Frisia nau ferbûn mei de wrâld fan Fikingen en oare Noardseekustbewenners, it belang fan de kust as wengebiet stie sintraal. Nettsjinsteande regionale ferskillen wie de ferbûnens fan de kusten sa grut dat wy sels sprekke kinne fan in Noardseewrâld. Tagelyk waard Frisia ûnderdiel fan it grutte kontinentale Frankyske ryk, dat in tsjinhinger foarme fan dizze Noardseewrâld. Wat betsjutte dit foar de

posysje fan Frisia? Hoe witte wy dat Frisia sa sterk ferbûn wie mei oare kusten, mar ek ûnderdiel wie fan it kontinint? En wat sizze Friezen, Fikingen, Franken en oaren hjiroer?

Perspektiven

Om Frisia yn de perioade fan de achtste oant de alfde iuw goed te begripen, moatte wy ferskate perspectiven neist inoar lizze. Net allinnich de perspectiven fan bygelyks Fryske kustbewenners, Frankyske machthawwers



en foarbyfarrende Fikingen, mar ek dy fan de hjoeddeiske ûndersiker.

Yn dizze lêzing naam Ijssennagger-van der Pluijm de oanwêzigen mei fia materiële kultuer, mûnlinge tradysjes, taal en it maritime lânskip nei dizze wichtige en yntrigearjende wrâld fan Frisia en nei it ûndersyk dat dêrnei dien wurdt. □

Interdisziplinêre wurkwinkel op Skylge

KNAW ECP-beurs

Direkteur-bestjoerder/ûndersiker Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm krige foarich jier ien fan de 10 Early Career Partnership-beurzen takend fan de KNAW. De workshop dy't se hjirmei organisearre hat, yn gearwurking mei Theunis Piersma fan BirdEyes, waard holden fan 26-28 maart by Folkshogeskoalle Schylgeralân op Skylge.

Achtjin wittenskippers fan ferskate dissiplines en yn ferskillende stadia fan harren wurksame libben, hawwe mei elkoar gear west oer 'Coastal Wilderness and Cultural Landscape: repositioning the coastal and tidal area as an interdisciplinary research topic'. It programma bestie út lêzings, in kuiertocht en in wurkwinkel om ta in mienskiplik paper te kommen. Mear nijs oer de útkomsten folget letter. Bysûndere gasten wiene neist de wittenskippers de Britske auteur Charles Foster en dokumintêremakker Bart Kingma fan Omrop Fryslân.

Nije ynsjoggen

It Early Career Partnership is in beurs fan de KNAW dy't ûndersikers yn it begjin fan harren karriêre stimulearje



wol om ynterdissiplinêre gearwurkingen oan te gean of út bouwen om te kommen ta nije ynsjoggen yn ûndersyk op alle wittenskipsdomeinen. De beurzen wurde takend oan

promovearre ûndersikers dy't net langer as sân jier lyn promovearre binne en wurksam binne by in universiteit of ûndersyksynstitút yn it Nederlânsk Keninkryk. □

Meiwurkers

Oangeande de meiwurkers fan de Fryske Akademy is it neikommende te melden:

Derk Drukker is mei yngong fan 1 febrewaris út tsjinst gien. Drukker wie as ûntwikkeler ICT foar HISGIS en Taalkunde oan de Fryske Akademy ferbûn.

Ien maaie hawwe wy ôfskied nommen fan **Jan Ybema** dy't as ûndersyksmeiwurker foar Mercator wurke.

Liuwe Westra en Johan van der Zwaag binne per 1 jannewaris út tsjinst gongen. Hja wiene beide wurksum as ûndersiker/leksikograaf.

Martine Jansen begûn 1 desimber ferline jier oan har nije baan by Mercator/Fryske Akademy.

Gastûndersikers
It gastûndersikerskip fan **Sune Gregersen** is ferlingt.

Prof. dr. Alderik Blom, heechlearaar Keltyske Talen oan 'e Universiteit fan Marburg is fan 1 maart oant 1 augustus gastûndersiker by de Fryske Akademy. It doel fan syn gastûndersikerskip is in stúdzje nei de relaasjes

tusken de Fryske en Bretonske taal minderheden yn de earste twa desennia nei de Twadde Wrâldoarloch. Dizze laten ûnder oaren ta in temanûmer oer it Bretonsk yn it literêre tydskrift *De Tsjerne* yn 1948 en in ferlykber temanûmer oer it Frysk yn in Bretonsk tydskrift. De resultaten sille takom jier publisearre wurde en prof. Blom sil in lêzing hâlde oer dit tema op de Conference on Frisian Humanities yn 2025.

Affiliearre ûndersikers
Tineke Looijenga is sûnt 1 septimber 2023 dwaande

foar it Handboek Runen en Runenschrift.

Frijwilligers
Alexandra Has hat wurke oan it Coling. Har frijwilligersoerienkomst is ferlingd oan 31-12-2024.

Stazjêres
De Fryske Akademy biedt studinten ek graach de mooglikheid ta in stazje.


Jorris Kingma wie yn febrewaris en maart as stazjêr wurksum foar it kongres 'Coastal Wilderness and Cultural Landscape'. □

FA-ria

Eksterne Fisitaasjekommisje beoardielet Fryske Akademy

Op 4 juny 2024 hat in eksterne fisitaasjekommisje de Fryske Akademy in besite brocht, om in ûnôfhinklik en saakkundich oardiel te foarmjen oer de wittenskiplike prestaasjes fan ús organisaasje. Dizze fisitaasje waard útfierd neffens it Standard Evaluation Protocol (SEP).

As tarieding op dizze fisitaasje hat in wurkgroep fan de Fryske Akademy in wiidweidige selsevaluaasje skreaun, dêr't de stân fan saken binnen de organisaasje yn beskreaun wurdt. De komisje hat in dei lang ynterviews hân mei ûndersikers en ek mei stakeholders fan de Fryske Akademy lykas Tresoar en de Campus Fryslan, mar ek ynternasjonale stakeholders lykas it NPLD en de Ost Friesische Landschaft en hat sa in goede yndruk krigen fan ús wurkwize, prestaasjes en de ynfloed fan ús ûndersyk op de bredere mienskip. It fisitaasjerapport, dat de befinings fan de komisje behelset, sil yn de twadde helte fan 2024 klear wêze. De Fryske Akademy sjocht út nei de



resultaten fan dit ûnôfhinklik ûndersyk en is fan doel om de oanbefellings te brûken om syn wittenskiplike missy

fierder te fersterkjen en syn rol yn de Fryske en ynternasjonale wittenskiplike mienskip út te bouwen. □

Fryske skiednis as ynspiraasje foar Kanadeeske fantasyroman

Op in feest yn Beowulf drinke de krigers bier, fiere harren oerwinning en harkje se nei ferhalen oer helden en leginden. Ien fan dy ferhalen giet oer in bittere fete en oer in keninginne neamd Hild...

Foar har nijste novelle *Blood-Siren* hat de Kanadeeske skriuwer Kirsty Campbell ûnder mear gebrûk makke fan twa wittenskiplike stúdzjes nei Friezen yn de midsiuwen: *Frisians of the Early Middle Ages* fan John Hines en Nelleke IJssennagger-van der Pluijm (eds.), en *Frisians and their North Sea Neighbours*, fan deselde auteurs. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm is direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy en docht ûndersyk nei de ynterkulturele dynamyk en konneksjes yn de iere midsiuwen yn de regio's om de Noardsee hinne.



Oer de skriuwer

Kirsty Campbell skriuwt fantasyferhalen ynspirearre op de krigerskultuer fan Beowulf en heldepoezy út de midsiuwen. Se wennet yn Montreal en dosearret midsiuwske literatuer oan universiteiten yn Kanada en de Feriene Steaten. □

Eksperimint oer ûnderbewuste foaroadielen

Assosjearret it brein positive dingen mei de Fryske taal, of dochs earder mei de Nederlânske taal? En hoe sit dat dan mei negative dingen? Dr. Hielke Vriesendorp freget de help fan 400 Frysktaligen, binnen en bûten de provinsje Fryslân, en fan 400 net-Frysktaligen om dit te ûndersykjen.

Vriesendorp ûntwikkele in online eksperimint, dat de ûnderbewuste hâldingen mjit oangeande it Frysk en it Nederlânsk mei de help fan in sorteartaak. De dielnimmer krijt plaatsjes en wurden te sjen dy't posityf of negatyf binne, en wurden dy't Frysk of Nederlânsk binne. De keppeling tusken de plaatsjes en wurden kin sjen litte oft it brein ûnderbewust Frysk of Nederlânsk mear mei positive (of just negative) dingen assosjearret, en lit dêrmei ûnderbewuste foaroadielen sjen.

It eksperimint duorret 10-15 minuten en oan de ein fan it ûndersyk krijt elke dielnimmer de eigen resultaten te sjen. Dêrmei kin in ynskating makke wurde fan de eigen ûnbewuste foarkar. Vriesendorp hopet op safolle mooglik dielnimmers, om dêrmei in folsleiner ynsjoch te krijen yn de

foaroadielen oer it Frysk en it Nederlânsk, sawol by Friezen en Frysktaligen sels as by net-Friezen en net-Frysktaligen.

Oer Hielke Vriesendorp

Dr. Hielke Vriesendorp is ûndersiker by de Fryske Akademy en bestudearret ymplisite hâldingen oangeande it Frysk en Nederlânsk. Op de Universiteit Utert is Vriesendorp wurksum as dosint Ingelske taalkunde en as dosint op it mêd fan ûndersyksmetoaden, statytk en taalfariaasje. □



Betweter Festival (2023)

→ [Link nei it eksperimint](#)



Aginda

Hâld de aginda op ús thússide (fryske-akademy.nl) yn 'e rekken en sjoch op ús sosjale media foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.

→ Freed 13 septimber

Akademydei 2024, Ljouwert

→ Sneon 5 en snein 6 oktober

Weekend van de Wetenschap 2024, Ljouwert

→ Freed 25 oktober

Taalkundedei 2024, Ljouwert

→ Tongersdei en freed 7 en 8 novimber

Mercator International Conference,

→ Freed 22 novimber

Akademylêzingen, Ljouwert/De Jouwer

Winterskoft mei Akademylêzingen

De 65^{ste} rige Akademylêzingen set yn novimber útein. De rige bestiet út trije lêzingsdagen fan 10.00 – 15.00 oere en wurdt holden yn twa groepen: groep 1 te Ljouwert en groep 2 Op 'e Jouwer.

Frisia en de Vinkingtiid

Dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, Fryske Akademy en Nynke Boonstra, Lector NHL Stenden nimme de earste dei, freed 22 novimber, foar har rekken. De lêzing fan IJssennagger-van der Pluijm hat it oer 'Frisia en de Vinkingtiid'. De lêzing fan Boonstra giet oer 'Verpleegkunde in de GGZ'.

Geertje Lycklema a Nijholt

Op tiisdei 21 jannewaris komt dr. Johanneke Liemburg oan it wurdt oer 'Geertje Lycklema a Nijholt, 1938- 2014 - Feministisch strategisch'. Prof.dr. Marien de Jonge, Radboud Universiteit Nijmegen, sil it hawwe oer 'Infectie en immuniteit, afweer en bescherming'.

De takomst fan it Natoermuseum Fryslân

De rige wurdt op 14 maart 2025 ôfsletten. Direktuer Natoermuseum Ljouwert, Froukje Hernamdt, fertelt oer de takomst fan it Natoermuseum Fryslân (moarns yn Ljouwert). Dennis Voeten, konservator Natoermuseum Ljouwert sprekt middeis Op 'e Jouwer oer: Friese Dino's in vogelvlucht. De oorsprong en evolútie van vogels. De heer M.W.P.M. ter Berg, Senior raadsheer bij het Gerechtshof Arnhem-Leeuwarden sprekt moarns Op 'e Jouwer en middeis yn Ljouwert. De titel fan de lêzing fan Ter Berg liedt: 'Als u rechter was, dan zou u... of toch maar niet?'

→ Opjaan en kosten

→ De kosten foar it bywenjen fan de hiele rige komme op € 30. Mear ynformaasje oer opjaan (foar 1 novimber) en beteljen is te finen op de website fan de [Fryske Akademy](https://fryske-akademy.nl)



Coulonhûs

Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Telefoan (058) 213 14 14

✉ fa@fryske-akademy.nl

🏠 www.fryske-akademy.nl

✂ @FryskeAkademy

🌐 linkedin.com/company/fryske-akademy/

📘 facebook.com/FryskeAkademy/

Rekennûmers NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen

Ried fan Tafersjoch

Foarsitter: Seerp Y. Leistra

Heechleararen

Amsterdam (UvA):

prof. dr. Arjen Versloot

Utert: prof. dr. Hans Van de Velde

Direkteur-bestjoerder

dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm

Kolofon

Ut de Smidte fan de Fryske Akademy
blêd foar leden en stipers

Stipersbydrage

De stipersbydrage foar 2024 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00.

It opsizzen fan it stiperskip moat fóár 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

Redaksje

Aukje Holtrop

Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan: redaksje@fryske-akademy.nl

Mei de gewoane post nei:

Ut de Smidte, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
tel.: (058) 213 14 14

Foarmjouwing, opmaak en print

GPNo, De Jouwer

Foto's

Fryske Akademy, Hindrik Sijens, Hoge Noorden / Jacob van Essen, Jessie Kamp, Miguel Santin, Dr. A. Willemsen, Provinsje Fryslân, Feliciano Medeot

Akademydei 2024

Freed 13 septimber 2024

Tusken de iuwenâlde beammen en gebouwen, yn de histoaryske binnentún fan it Coulonhûs, wolle wy graach mei jo it 85^{ste} jubileumjier fan de Fryske Akademy feestlik ôfslute.

Op freed 13 septimber binne jo de hiele dei fan herte wolkom om mei ús te iten, te proasten en te praten, mar ek om te harkjen nei nijsgjirrige sprekkers en yn 'e kunde te kommen mei ús wittenskiplik wurk.

Programma:

Mei moarns û.o. de ledebeneaming, paneldiskusjes, de Kommissaris fan de Kening dhr. Brok, de presintaasje fan de nije hússtyl en lunch. En mei middeis û.o. de útrikking fan de skripsjepriis, paneldiskusjes, boargemaster Buma fan Ljouwert, in lytse kroechkwis, en in buorrel mei muzyk fan Hot & Toasty.

De Afûk is oanwêzich mei in boeketafel.

Jo binne de hiele dei wolkom fan 10:30-17:00 oere, ynklusyf lunch en buorrel.

Jo meie fansels ek in deidiel oanskowe.

- 10:30-13:30 oere: moarn ynklusyf lunch
- 14:00-17:00 oere: middei mei buorrel



Wat:

Akademydei 2024

Wêr:

Binnentún Fryske Akademy,
Doelestrjitte 8, Ljouwert

Wannear:

Freed 13 septimber 2024

Tiid:

10:30-17:00 oere

- Oanmelde foar de hiele dei of foar in deidiel kin fia in [websiteformulier](#) op
- www.fryske-akademy.nl/akademydei (of mei QR-koade)
- Wachtsje net te lang mei oanmelden. Oanmelde kin oant en mei 1 septimber 2024 of salang't der plak is.

